


HANTLIEDING



by staveringsline
WURKBOEK 2

Ynhâldsopjefte Staveringsline

Algemeine hantlieding en ferantwurdig 4

Hantlieding Frysk

• Les 1	y en i	6
• Les 2	ii en i	8
• Les 3	aai en ai	10
• Les 4	ue	12
• Les 5	â, ê en ô	14
• Les 6	ei	17

Algemene handleiding en verantwoording 20

Handleiding Nederlands

• Les 1	y en i	22
• Les 2	ii en i	24
• Les 3	aai en ai	26
• Les 4	ue	28
• Les 5	â, ê en ô	30
• Les 6	ei	33

Kolofon

Kreatyf Skriuwen en Staveringsline

Auteurs

Tjitske van Dijk
Gelske Bosch
Jan Douwes
Skelte Anema
Doutsen Jellema

Foarmjouwing

Studio Tink

Korreksje

Ytsje Steen

Mei tank oan

De pilotgroep en it learkrêftepanel

Yllustraasjes

iStock

© 2025 Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

www.afuk.frl

Audio en oar materiaal op: www.staveringsline.frl



Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatisearre bestân opslein of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Tekst- en datamining fan (parten fan) dizze útjefte is útdruklik net tastien.

All rights are reserved, including those for text and data mining, AI training and similar technologies.

Alle rechten voorbehouden. Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd bestand, of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch of enige andere manier, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de uitgever. Tekst- en datamining van (delen van) deze uitgave is uitdrukkelijk niet toegestaan.

Algemiene hantlieding en ferantwurdig

Fyzje

It oanlearen fan staveringsregels is net in doel op himsels. Goed staverje kinne is ien fan de feardichheden dy't helpe kinne by it skriuwen fan (goede) teksten. De staveringsregels kenne, stiet net gelyk oan in goede tekst skriuwe kinne. It úteinlike doel is om kwalitatyf goede Fryske teksten skriuwe te kinnen. Dêrom is der keazen foar in boekje mei oan de iene kant Skriuwlessen (it doel) en oan de oare kant de Staveringslessen (de teory, de feardichheid).

Opbou

De skriuwlessen binne opboud neffens in stappeplan. Dat stappeplan jout hâldfêst om ta it úteinlike produkt te kommen. Stap ien bestiet út it sammeljen en opskriuwen fan de gedachten. Yn stap twa wurdt in kar makke út alles wat opskreaun is by de earste stap en yn de tredde stap wurdt it úteinlike produkt makke. De staveringslessen binne ek neffens in fêst stramyn opboud. De les begjint mei in doel en it oanbieden fan de regels dy't fan tapassing binne. Dêrnei jout de learkrêft in yntroduksje. Yn de yntroduksje wurdt oan de hân fan foarbyldwurden en sinnen tawurke nei it skriuwen fan in kapstokwurd: in wurd dat de regel represintearret. It kapstokwurd helpt de learling de regel better te ûnthâlden en ta passen.

De yntroduksje is opboud neffens it fiif-stappenplan:

1. Ik harkje nei it wurd en sis it wurd nei.
2. Ik diel it wurd op yn klanken of wurdlidden.
3. Hear ik wat bysûnders? Hokker ôfspraak heart dêr by?
4. Ik skriuw it wurd.
5. Ik kontrolearje it wurd. Ha ik it goed skreaun?

Nei de yntroduksje folget in startdiktee mei wurden dy't by de regels hearre. De neikommende opdracht (opdracht 1) is in Fryske tekst, bygelyks in ferske, gedicht of kranteberjocht. Opdracht 2 is in sykplaat. By opdracht 3 sykje learlingen sels wurden op yn boeken of tydskriften. As der gjin fysike teksten beskikber binne, kin de online ferzje fan Tsjil Magazine brûkt wurde. Dy is fergees beskikber fia: cedinonderwijs.nl/tsjil. De lêste opdracht is in ferdjipjende opdracht dy't de learlingen útdaget om nochris mei de regel(s) fan dy les oan it wurk te gean.

Ynset

De skriuwlessen en staveringslessen hawwe mienskiplik dat yn 'e titel fan de skriuwlessen deselde letters foarkomme as yn de staveringslessen behannele wurde. Hoe't de lessen ynset wurde is oan de learkrêft sels. It is mooglik om earst in staveringsles te meitsjen en dan de bypassende skriuwles, mar it kin fansels ek oarsom. It is ek mooglik om nei oanlieding fan skreaune produkten te sjen yn hokker kategory de learlingen noch in soad flaters meitsje en op basis dêrfan de staveringslessen oan te bieden.

Terminology

Yn it boekje komt sa no en dan terminology foar dy't faaks wat útlis nedich hat.

- **wurdliid** – NL: lettergreep
- **tiidwurden** – NL: werkwoorden
- **brekking** – in klankferskowing yn in wurd
- **stimleas** – stimbannen trilje net by de útspraak
- **stimhawwend** – stimbannen trilje wol by de útspraak
- **lûd** – NL: klinker
- **klank** – klank
- **twalûd** – twa lûden dy'tst yn ien azem útsprekst
- **bylûd** – NL: medeklinker
- **kapke** – it dakje op de â, ê, ô of û.

Yn de yntroduksje wurdt ûnderskied makke tusken klanken en skreaune letters of wurden. As it oer klanken giet, dan binne se oanjûn mei read en steane se tusken twa streekjes. Bygelyks: "do hearst dan /f/." As it om skreaune letters of wurden giet, steane se tusken skrapkes. Bygelyks: "dat skriuwst sa: 'skoalle'."

Regels, fonetyk en ekstra

Bij alle staveringslessen steane kaders. Yn sa'n kader steane as earste in fonetyske werjefte, in beskriuwing fan de lûden, in foarbyld fan it lûd yn it Frysk en in foarbyld fan it lûd yn it Nederlânsk of in oare taal. As twadde steane der noch ekstra regels en ynformaasje foar de learkrêft. Dizze ynformaasje kin ynset wurde om bepaalde saken te ferdúdlikjen en as ferdjipping foar de learlingen dy't dêr om freegje.

Audio

By it diktee en guon opdrachten is audio beskikber. Dat wurdt oanjûn mei in ikoantsje.

De audiofragmenten binne online te finen, op staveringsline.frl.

Of brûk dizze QR-koade:



Les 1 • y en i

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk in y of in i skriuwe moatte.

Regels:

1. Skriuwst in y (by in koart lûd) yn in sletten wurdliid.
(kapstokwurd: knyn)
2. Skriuwst in i (by in koart lûd) yn in iepen wurdliid.
(kapstokwurd: bile)
3. Skriuwst in y oan 'e ein fan in wurd.
(kapstokwurd: taksy)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Us knyn is in bytsje blyn."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in /i/.

Skriuw op it boerd it wurd 'blyn' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Lis út dat de /i/ fan 'blyn' yn in sletten wurdliid sit. Doch dat neffens de terminology sa't se dy by Nederlânsk ek leard hawwe.

Sprek no it wurd 'knyn' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'knyn' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
i	koarte y	knyn of bile	niet

Yn dizze les gie it oer de koarte /i/ fan 'knyn' en 'bile', dy is oars as de lange /i:/ fan 'priis' en 'tiger' yn de folgjende les. It Frysk hat ek it twalûd /i.ə/ (fan 'mier'), dat komt letter yn de metoade (boekje 3, les 4) foarby.

Weromkeppeling:

Yn it foarige boekje ha de learlingen leard oer de f, s, g, ch, ú en û. Kapstokwurden dêrby wiene 'fisk', 'juf', 'swan', 'faas', 'geit', 'fûgel', 'weagje', 'baarch', 'acht', 'flachjes', 'tútsje', 'druven', 'para-plu', 'hûn' en 'boek'. Kies in oantal kapstokwurden út en freegje de learlingen nei de regels dy't dêrby hearre.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Dy man hat in brike bile."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in /i/.

Skriuw op it boerd it wurd 'brike' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Lis út dat de /i/ fan 'brike' yn in iepen wurdliid sit. Doch dat neffens de terminology sa't se dy by Nederlânsk ek leard hawwe.

Sprek no it wurd 'bile' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'bile' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik sil op 5 juny mei de taksy nei de stêd."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in /i/ oan 'e ein.

Skriuw op it boerd it wurd 'juny' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Spreek no it wurd 'taksy' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'taksy' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Wy moatte noch twa **wiken** wachtsje.
(skriuw op: wiken)
2. Do hast **gelyk**.
(skriuw op: gelyk)
3. Ik bin in **bytsje** siik.
(skriuw op: bytsje)
4. It is hjoed 25 **july**.
(skriuw op: july)
5. Moarn sil de sinne de hiele dei **skine**.
(skriuw op: skine)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Lit it fragmint noch in kear hearre as se noch net alle wurden fûn hawwe.

► Antwurden

1. juny
2. wyt
3. wyt
4. kryt
5. bytsje
6. wyn
7. ryk
8. dyk
9. sinneskyn
10. july

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje seis wurden mei in 'y' of in 'i'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. fabryk
2. plysje
3. bibel
4. bamy
5. ikel
6. hynder

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Dizze opdracht dogge de learlingen yn twa-tallen. De iene learling jout de koade, de oare besiket dy te ûntsiferjen. Fertel de learlingen dat se earst de wurden yn de opdracht oersetse moatte nei it Frysk. Jou oan dat se de streekjes en puntsjes mei de eigen stim meitsje kinne troch bygelyks koart of lang pyp/piip te sizzen. As it mooglik is, kinne se ek op ynternet sykje nei: "morse code sound generator" en dêr de lûden meitsje.

Oan 'e ein fan 'e les kin in oantal learlingen harren koade oan 'e groep hearre litte. De oare learlingen meie dy dan ûntsiferje.

Les 2 • ii en i

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk in ii of in i skriuwe moatte.

Regels:

1. Skriuwst in ii as it lange lûd yn in sletten wurd lid sit.
(kapstokwurd: priis)
2. Skriuwst in i as it lange lûd yn in iepen wurd lid sit.
(kapstokwurd: tiger)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.
- Lis lytse baltsjes klear en materiaal om twa fakken te meitsjen (bgl. tou of kryt) foar opdracht 4.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De tsiismakker wûn in priis foar de bêste tsiis."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre mei in /i:/.

Skriuw op it boerd it wurd 'tsiis' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Meitsje dúdlik dat it yn dizze les oer it lange lûd /i:/ giet. Yn de foarige les gie it oer it koarte lûd /i/. Beptraat mei de learlingen it ferskil tusken de /i/ fan bile en de /i:/ fan tsiis. Jou oan dat de /i:/ fan tsiis yn in sletten wurd lid sit.

Sprek no it wurd 'priis' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Regels, fonetyk en ekstra			
fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
i	lange y	tsiis - wize	prestige

Yn dizze les gie it oer de lange /i:/ fan 'priis' en 'tiger', dy is oars as de koarte /i/ fan 'kny' en 'bile' fan de foarige les.

In soad minsken sprekke de /i:/ fan 'tsiis' út mei it twalûd /i.ə/ (fan 'bier'). Dat is net goed. De 'ii' feroaret by it útsprekken net fan toan.

It Frysk hat ek it twalûd /i.ə/ (fan 'bier'), dat komt letter yn de metoade (boekje 3, les 4) foarby.

Lit de learlingen no it wurd 'priis' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Do moattst net sa wize nei dy tiger."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre mei in /i:/.

Skriuw op it boerd it wurd 'wize' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'tiger' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Lit de learlingen no it wurd 'tiger' opskriuwe yn it wurkboek.

Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Do moattst net sa tsjin my **lige**.
(skriuw op: lige)
2. Dêr wurd ik altyd hiel **bliid** fan.
(skriuw op: bliid)
3. Ik ha my **tige** fermakke yn myn fakânsje.
(skriuw op: tige)
4. Dat boek hjit: It kweade **wiif** fan Hylpen.
(skriuw op: wiif)
5. Ik moat altyd sa om dy **gnize**.
(skriuw op: gnize)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Lit it fragmint noch in kear hearre as se noch net alle wurden fûn hawwe.

► Antwurden

1. eigenwiis
2. iis
3. siik
4. liif
5. skiif

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje seis wurden mei in 'ii' of in 'i'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. fiver
2. tsiis
3. tiid
4. wize
5. iisbear
6. fiif

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Wurkje yn twatallen. De learlingen sykje in plakje yn of bûten it lokaal, dêr't se wat romte hawwe. Se meitsje twa fakken. Yn it iene fak lizze se in briefke mei 'ii' en yn it oare in briefke mei 'i'. Se meie om beurten it baltsje yn it fak besykje te slaan of te goaien. Slagget it om de bal by de earste stuit yn it fak stuitsje te litten, dan meie se in wurd fan dy kategory opskriuwe yn it wurkboek.

Misse se beide fakken, dan is de oar oan bar. Dyjinge dy't as earste fan beide kategoryen trije wurden opskreaun hat, wint. De learlingen kontrolearje mei-inoar oft de wurden goed skreaun binne.

Les 3 • aai en ai

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk in aai of ai skriuwe moatte.

Regel:

Wurden mei aai en ai moatt út 'e holle leare. (kapstokwurden: aai en laitsje)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regel troch.

By it 'aai'/'ai'-lûd heart net in staveringsregel. Fertel de learlingen dat sy de wurden út 'e holle leare moatte.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De pappegaai leit in aai."

Freegje oft sy wurden mei 'aai' werkenne. Fertel de learlingen dat net alle Friezen de 'aai' itselde útsprekke. Guon Friezen sprekke 'aai' út as /ɔ:ɪ/ (Klaaifrysk) en guon sizze 'aai' /a:ɪ/ (Wâldfrysk). Lês de sinnen nochris foar. No ien kear yn it Wâldfrysk en ien kear yn it Klaaifrysk, en freegje de learlingen oft sy it ferskil hearre. Lit de learlingen de sin ek neisizze. Freegje de learlingen oft sy witte wat sy sels sizze: /ɔ:ɪ/ of /a:ɪ/. Oan de Nederlânsktalige learlingen kinst freegje hoe't sy tinke dat de Friezen yn harren buert it útsprekke.

Skriuw op it boerd it wurd 'pappegaai' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
a:ɪ (Wâldfrysk)	aai	kaai	haai
ɔ:ɪ (Klaaifrysk)		kaai	-
a.i (Wâldfrysk)	ai	laitsje	ai!
ɔ.i (Klaaifrysk)		laitsje	Leute (Dútsk)

Foar it Klaaifryske lûd /ɔ:ɪ/ bestiet net in fergelykber lûd yn it Nederlânsk of in oare taal. Op de webside kinst it lûd hearre.

Sprek no it wurd 'aai' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'aai' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Jou oan dat wurden mei 'ai' en 'aai' hast itselde klinke en dat der net in aparte regel is om der achter te kommen hokker fan de twa ast skriuwe moatt. Dy wurden moatt dus út 'e holle leare. Dat is minder dreech as it liket, want der binne mar in pear wurden mei 'ai', alle oare wurden skriuwst mei 'aai'. De wurden mei 'ai' dy't it meast foarkomme, binne: 'laitsje', 'maitiid' en 'maits'.

Sprek no it wurd 'laitsje' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'laitsje' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Yn **maaie** sille wy mei fakânsje.
(skriuw op: maaie)
2. De hoanne **kraait** moarns al om 5 oere.
(skriuw op: kraait)
3. Yn Limboarch binne se gek op **flaai**.
(skriuw op: flaai)
4. Hy is sa slûch as in **maits**.
(skriuw op: maits).
5. In **slaai** is in grutte houten hammer om peallen mei yn 'e grûn te slaan.
(skriuw op: slaai)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Lit it fragmint noch in kear hearre as se noch net alle wurden fûn hawwe.

► Antwurden

1. pappegaai
2. aai
3. kraaie
4. swaaie
5. kotsjedraaie
6. maaie
7. haaien
8. maitiids
9. aaien

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn 'e sykplaat nei wurden mei in 'aai' of 'ai'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. lawaai
2. klaai
3. pappegaai
4. skroevendraaier
5. naaie

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen sykje earst it aai mei de Fryske namme fan de fûgel op. Dy namme skriuwe se op. Yn it aai stiet ek in anagram fan in wurd mei 'aai' of 'ai'. Dat anagram losse se op en se skriuwe it goede wurd op. De earste letter fan it wurd is read makke. As de learlingen der net útkomme mei de Fryske namme fan de fûgel, dan kinne se dy opsykje op frysker.nl of yn in wurdboek.

► Antwurden

	1 swan tsilaje	1 Fûgel: skries Wurd: swaaie
	2 earrebarre ikaa	2 Fûgel: ljip Wurd: maitiid
	3 ljip iemiidat	3 Fûgel: mosk Wurd: haai
	4 skries isawae	4 Fûgel: earrebarre Wurd: kaai
	5 mosk iaha	5 Fûgel: swan Wurd: laitsje

Les 4 • ue

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ue skriuwe moatte.

Regel:

Yn it Frysk skriuwst **ue**, de uu komt yn it Frysk net foar.

(kapstokwurd: **temperatuer**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regel troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De *temperatuer* fan de *frituer* is 200 graden."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /**ü.ə**/-lûd hawwe. Fertel dat de dûbelde 'uu' sa't it Nederlânsk dy hat, yn it Frysk net bestiet. Yn it Frysk skriuwst 'ue'. De /**ü.ə**/ is in twalûd. Skriuw op it boerd it wurd 'frituer' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'temperatuer' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'temperatuer' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ü.ə	lange uu mei in ə (de e fan 'de')	buert	buur

- De 'ue' is in saneamd twalûd, dat betsjut dat it út twa lûden bestiet. Yn dit gefal de /**ü**/ (fan 'tút') en de /**ə**/ (fan 'de').
- Yn de measte gefallen skriuwst nei de 'ue' in 'r'.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Alle kearen giet it om de regel dy't heart by it wurd 'temperatuer'.

1. Der stiet gjin datum yn 'e **brosjuere**.
(skriuw op: brosjuere)
2. Der leit in **flueske** iis op it wetter
(skriuw op: flueske)
3. Dy fuotballer hat in slimme **blessuere**.
(skriuw op: blessuere)
4. Sy wennet net by ús yn 'e **buert**.
(skriuw op: buurt).
5. Ik fyn ús buorman mar in frjemd **figuer**.
(skriuw op: figuer)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Lit it fragmint noch in kear hearre as se noch net alle wurden fûn hawwe.

► Antwurden

1. Ruerdsje
2. suertsje
3. puer
4. figuer

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat nei wurden mei 'ue'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. temperatuer
2. blessuere
3. figuer
4. frituer
5. sjuery

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Lês mei de learlingen it ferhaal oer SjONG of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Daagje de learlingen út om sels in titel en/of in stikje fan in ferske te skriuwen. De learlingen kinne de wurden brûke dy't yn in tekstfak steane of dy't sy yn eardere opdrachten yn dizze les brûkt hawwe. Dizze opdracht is geskikt om yn twatallen of yn groepkes te dwaan. As der muzikale learlingen binne, kinst dy ek útdaagje om der muzyk by te meitsjen.

Les 5 • â, ê en ô

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk â, ô en ê skriuwe moatte.

Regels:

- Foar -ld en -lt skriuwst altyd in â.
(kapstokwurd: wrâld)
- Foar de -n skriuwst altyd in â.
(kapstokwurd: hân)
- Wurden mei ô moattst út 'e holle leare.
(kapstokwurd: bôle)
- Hearst in lange 'e', dan skriuwst ê.
(kapstokwurd: bêd)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean.
Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.
- Sykje it kopiearblêd by it spultsje Dobbles fan opdracht 4 op de webside. Printsje it blêd foar de learlingen.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Let op: Dit is in lange yntroduksje mei in soad lûden. Eventueel kinst de learlingen tariede op in wat langere ynstruksje of it opdiele yn parten.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Wêr fynst sâlt op dizze wrâld?"

Freegje de learlingen oft sy wurden mei /ɔ:/ yn de sin hearre. Lústerje mei de learlingen nei it ferskil tusken de klank /ɔ/ fan 'wat' en de klank /ɔ:/ fan 'wrâld'. It kapke (of: dakje) jout oan dat it lûd langer is. Fertel datst by it lange lûd /ɔ:/ altyd in kapke skriuwst. Soms in 'ô' en soms in 'â'.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ɔ:	de /ɔ/ (fan hok) langer meitsje	âld of rôt	controle
ɛ:	de /ɛ/ (fan pet) langer meitsje	bêd	serre

- Der binne in pear wurden dy't wol in /ɛ:/ (de 'e' fan 'pet' langer meitsje) hawwe, mar gjin kapke krije. Dat binne: 'bern', 'beferzen', 'stjer' en 'gers'.
- Nei de 'ô', 'â' of 'ê' (mei in kapke) wurde bylûden noait ferdûbele.
- Foar de -l kin sawol de 'â' as 'ô' foarkomme, sjoch dan nei it Nederlânske wurd en folgje dy stavering.
 - rôlje ► it Nederlânsk hat in o (rollen)
 - stâl ► it Nederlânsk hat in a (stal)
- Kapkes kinne ferdwine as wurden feroarje en dêrtroch feroaret ek de útspraak. It lûd wurdt dan koarter.
 - hân ► hannen
 - bêd ► bedsje

As it /ɔ:/-lûd folge wurdt troch -ld of -lt, dan wurdt it mei 'â' skreaun, lykas by 'sâlt'. Skriuw 'sâlt' op it boerd en lit de lûden fan it wurd lûdop hearre. Fertel dat it wurd in 'l' hat, dy'tst net hearst: de 'l' is stom.

Sprek no it wurd 'wrâld' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Jou hjir ek as tip mei dat de 'l' yn dit wurd net útsprutsen wurdt, mar wol skreaun. Lit de learlingen no it wurd 'wrâld' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik ha sân brânplakken op myn hân."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin ek de /ɔ:/-lûden hearre. Jou oan datst yn it Frysk ek altyd in 'â' skriuwst as der -n achter de /ɔ:/-klank komt. Nim as foarbyld it wurd 'sân' en lit de learlingen it wurd neisizze. Hokker lûden hearre se yn 'sân'? Skriuw it wurd op it boerd.

Sprek no it wurd 'hân' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'hân' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês folgjende sin foar oan de learlingen:
"Is der noch genôch bôle?"

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /ɔ:/-lûd hawwe. Lústerje mei de learlingen nei it ferskil tusken de /ɔ/ yn 'noch' en de /ɔ:/ yn 'genôch' en 'bôle'. It lûd klinkt itselde as yn 'hân'. As der net -ld/-lt of -n achter it /ɔ:/-lûd komt, skriuwst (meastal) 'ô'. Skriuw it wurd 'genôch' op it boerd. Beneam de regel: der komt gjin -ld/-lt of -n achter it lûd, dus skriuwst in 'ô'.

Sprek no it wurd 'bôle' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'bôle' opskriuwe.

Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Wêrom lei hy sa let op bêd?"

Freegje oft sy yn de sin ek wurden mei /ɛ:/ hearre. Lústerje mei de learlingen nei it ferskil tusken de /ɛ/ fan 'let' en de /ɛ:/ fan 'wêrom' en 'bêd'. It lûd fan 'bêd' en 'wêrom' is langer. It kapke jout oan dat it lûd lang útsprutsen wurdt, krekt as by it kapke op de 'a' en de 'o' yn de wurden 'hân' en 'bôle'. Oefenje de stavering fan de /ɛ:/ mei it wurd 'wêrom'. Beneam de lûden fan it wurd en skriuw it wurd sichtber foar de learlingen op it boerd.

Sprek no it wurd 'bêd' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'bêd' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Myn omke wennet yn in oar *lân*.
(skriuw op: lân)
2. Yn 'e winter binne myn fuotten altyd sa *kâld*.
(skriuw op: kâld)
3. Der siet in grouwe *rôt* yn it hinnehok.
(skriuw op: rôt)
4. It *dekôr* fan ús toanielstik is makke fan karton.
(skriuw op: dekôr)
5. Hy kin noch net *lêze*.
(skriuw op: lêze)

Opdracht 1:

De learlingen harkje nei it fragmint út de Pastorale yn it Frysk. In audioferzje kinst fine op de webside. Lit de learlingen de wurden dy't yn de tekst fan it ferske misse yn it wurkboek opskriuwe.

► Antwurden

1. strân
2. hân
3. lân
4. strân
5. rêst

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei 'â', 'ô' en 'ê'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. fôle
2. rôt
3. blêd
4. brân
5. bêd
6. dekôr
7. kâld

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Op de webside fynst in bestân mei in kopiearblêd foar it Dobblespul datst printsje kinst. De learlingen krije fan de learkrêft it kopiearblêd en knippe sels de kaartsjes út.

Dit spultsje dochst yn twatallen.

Op alle kaartsjes steane in oantal plaatsjes mei wurden. Ast twa kaarten mei-inoar ferlikest, is der altyd ien plaatsje itselde.

1. Om te begjinnen ferdienst de kaartsjes yn twa steapels.
2. Beide spilers krije in steapel, mei de plaatsjes nei ûnderen.
3. De spilers draaie tagelyk in kaartsje om fan de eigen steapel en ferlykje harren kaartsje mei dy fan de tsjinspiler. Ien plaatsje stiet op beide kaartsjes.
4. De spiler dy't as earste it goede plaatsje fûn hat en it goede wurd ropt, mei beide kaartsjes hâlde (op in aparte steapel).
5. As alle kaartsjes fan de begjinstapels op binne, telle beide spilers it oantal kaarten dat foar harren leit. Dejinge mei de measte kaartsjes wint.

Les 6 • ei

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ei skriuwe moatte.

Regel:

Wurden mei ei moattst út 'e holle leare.
(kapstokwurd: ein)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
a:ĩ (Wâldfrysk)	ei	trein	trein
ɔ:ĩ (Klaaifrysk)	ei	trein	-

By de Klaaifryske /ɔ:ĩ/ is net in fergelykber lûd te finen yn in oare taal. Harkje nei de lûdsfragminten op de webside om te hearren hoe't dat lûd klinkt.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regel troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"In ein rûn troch de rein."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /ɔ:ĩ/ hawwe. Fertel de learlingen datst wurden mei 'ei' en 'ij' út 'e holle leare moattst. It lestige oan dit lûd is dat de 'ei' yn it Frysk op ferskillende manieren útsprutsen wurde kin. In diel fan de Friezen seit /ɔ:ĩ/ en in oar diel seit /a:ĩ/.

Yn opdracht 4 fan dizze les leare de learlingen dêr mear oer. Foar dit lûd is it foaral wichtich om in soad te oefenjen mei skriuwen en lêzen. Skriuw op it boerd it wurd 'rein' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'ein' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'ein' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Alle kearen giet it om de regel dy't heart by it wurd 'ein'.

1. It wykein is op sneon en **snein**.
(skriuw op: snein)
2. Wy ha moarn de hiele **dei** frij.
(skriuw op: dei)
3. De **trein** hat wol in oere fertraging.
(skriuw op: trein)
4. Ik bin Isa Rikst har **heit**.
(skriuw op: heit)
5. Hy is fegetarysk; hy yt gjin **fleis**.
(skriuw op: fleis)

Opdracht 1:

De learlingen harkje nei it fragmint fan 'Jongfolk ha wille'. In audioferzje fan kinst fine op de webside. Lit de learlingen de wurden dy't yn de tekst fan it ferske misse yn it wurkboek opskriuwe. Bepreat mei de bern dat dat ferske yn it Klaaifrysk songen wurdt, yn dat dialekt klinkt de 'ei' dus sa as yn dit ferske.

► Antwurden

1. snein
2. rein
3. seine
4. oerdei
5. mei

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei 'ei'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. trein
2. heit
3. seis
4. geit
5. eilân
6. beien
7. wein

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Yn dizze opdracht giet it derom dat de learlingen it ferskil leare tusken de útspraak fan de 'ei' op 'e klaai en de 'ei' yn 'e Wâlden. De learlingen lêze earst de tekst oer dialekten. In audioferzje dêrfan is te finen op de webside.

Op de webside kinst ek 8 audiofragminten fine. Yn de opdracht moatte de learlingen oanjaan oft it fragmint útsprutsen wurdt yn it Wâldfrysk of it Klaaifrysk.

► Antwurden

1. Wâldfrysk
2. Wâldfrysk
3. Klaaifrysk
4. Klaaifrysk
5. Wâldfrysk
6. Klaaifrysk
7. Klaaifrysk
8. Wâldfrysk

HANDLEIDING



bij staveringsline
WURKBOEK 2

Algemene handleiding en verantwoording

Visie

Het aanleren van spellingsregels is niet een doel op zich. Goed kunnen spellen is één van de vaardigheden die kunnen helpen bij het schrijven van (goede) teksten. De spellingsregels kennen, staat niet gelijk aan het kunnen schrijven van een goede tekst. Het uiteindelijke doel is om kwalitatief goede Friese teksten te kunnen schrijven. Daarom is er gekozen voor een boekje met aan de ene kant Skriuwlessen (het doel) en aan de andere kant Staveringslessen (de theorie, de vaardigheid).

Opbouw

De schrijfflessen zijn opgebouwd volgens een stappenplan. Dit stappenplan geeft houvast om tot het uiteindelijke product te komen. Stap één bestaat uit het verzamelen en opschrijven van de gedachten. In stap twee wordt een keuze gemaakt uit alles wat opgeschreven is bij de eerste stap en in de derde stap wordt het uiteindelijke product gemaakt. De spellingslessen zijn ook volgens een vast stramien opgebouwd. De les begint met een doel en het aanbieden van de regels die van toepassing zijn. Daarna geeft de leerkracht een introductie. In de introductie wordt aan de hand van voorbeeldwoorden en zinnen toegewerkt naar het schrijven van een kapstokwoord: een woord dat de regel representeert. Het kapstokwoord helpt de leerling de regel beter te onthouden en toe te passen.

De introductie is opgebouwd volgens het vijf-stappenplan:

1. Ik luister naar het woord en zeg het woord na.
2. Ik deel het woord op in klanken of lettergrepen.
3. Hoor ik iets bijzonders? Welke afspraak hoort daarbij?
4. Ik schrijf het woord.
5. Ik controleer het woord. Heb ik het goed geschreven?

